

Febrewaris 2025

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 70 nr.1

Wat sit der yn de koer?

Programma 2024-2025

Datum	Lokaasje*	Begjintiid	Programma
Sneon 15 febr. 2025	Seist-N	14.00 oere	Middei mei films oer Fryslân, fersoarge troch Syds Wiersma fan it FFAA; sjoch fierder side 6 en 7
Sneon 29 mrt. 2025	't Veerhuis, Nieuwegein	Hiele dei	<u>Frysk Boun</u> : Algemiene Gearkomste en Moetings- en Ynspiraasjemiddei <u>Krite</u> : kabaret Klún en Knoffelhakke

**Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist; Utrecht-B = Bijkershoek, Utrecht*

Meidielingen bestjoer

- De measte leden ha har kontribúsje betelle, mei wat ekstra's! Hjir is de krite bliid mei. Wolle de **lêste 20 leden** no ek sa fluch mooglik betelje? It bedrach per kritejier is € 15,-. In ekstra jefte kin de krite goed brûke!
- Mei it 5-jierrich bestean is der in enkête ûnder de leden holden. Guon leden joegen as winsk: kinne der in kear filmbylden oer Fryslân toand wurde? It bestjoer hat hjir no yn fersjoen.

It Keninklik Frysk Boun om Utens

Sjoch hjirboppe. Fierdere ynformaasje oer it Boun, de kritekrantsjes en jierprogramma's fan de oare krite kinne jo fine op www.fryskbutenfryslan.frl.

Fryske tsjerketsjinst

Der is wer in Fryske tsjerketsjinst yn Seist op snein 23 februari 2025.

Lokaasje: Mennistetsjerke, Pauw van Wieldrechtlean 29A, Seist

Foargonger: Ds. Yko van der Goot

Oanfang: 16:00 oere

Kontaktpersoan: Nieske de Jong, tel. 030 – 696 1934



Ferslach nijjersgearnomste op 11 jannewaris 2025

De middei yn De Bijnkershoek begûn mei it *nijjerspraatsje fan ús foarsitter*:

“Allegear tige wolkom op ús nijjersgearnomste. Fijn, dat wy mei safolle minsken by mekoar binne. Dat hat, tink ik, ek te krijen mei ús sprekker Eeuwe de Vries. Tige wolkom; moai dat jo fertelle sille oer de Alvestêdetocht fan 1963 mei bylden. Wy binne der allegear tige nijsgjirrich nei. Ek wol ik jimme allegearre in goed, mar foaral sûn nijjier tawinskje. Ik hoopje dat wy inoar it kommende jier wer faak sjen meie op de kritejûnen.



It ôfrûne jier binne der fjouwer leden fan ús krite ferstoarn. Ik neam se hjir:

- ❖ **Yme Fopma** – berne 5 maart 1937, ferstoarn 14 febrewaris 2024;
- ❖ **Tsjerk Kooistra** – berne 1 augustus 1937, ferstoarn 11 maart 2024;
- ❖ **J. Zandbergen** – berne 9 maaie 1934, ferstoarn 22 augustus 2024;
- ❖ **Frou J.G. Visser-Bijkerk** – berne 27 augustus 1934 – ferstoarn 5 novimber 2024.

Ek is de âld-foarsitter fan it Keninklik Frysk Boun om Utens, Hâns Dijk, op 26 juny 2024 ferstoarn. Hy is 81 jier wurden.

Sille wy in momint stilstean by de ferstoarnen? At ik kin graach steande.”

Ta beslút lêst Pietie it gedicht ‘Tiidkwartet’ fan Atze Bosch foar.

Wy sjonge it Frysk folksliet en hjirnei bringe wy in toast út op it nije jier.

Dan is it wurd oan Eeuwe de Vries. Hy fertelt earst wêr en hoe’t hy opgroeid is: op Tichelwurk oan de Dokkumer Ie. Iis wie belangryk yn syn libben. Dat koe ek min oars: 10 meter fan de foardoar ôf lei in ‘snelwei fan iis’. Hy sketste in moai ferhaal oer syn opgroeien. Hjirnei kaam it ferhaal oer it riden fan de tocht op 18 jannewaris 1963. Hy wie doe eins noch te jong (17 jier) om mei te dwaan, mar syn broer ried ek mei en sa kamen se oan twa kaarten. Se mochten starte om 5.50 oere. Hy fertelde oan de hân fan de rûte – en mei bylden – syn ferhaal oer de tocht. Wy witte allegearre dat it yn 1963 in barre tocht wie: 18 graden frieze,



letter op de dei hurde wyn, sniedunen op de baan, ensfh. Wy hawwe dat meimakke, der oer lêzen, opnamen sjoen, ensfh. Mar dat wy no de ûnderfiningen hearden fan ien dy't dat allegear trochstien hat, fûn ik hiel bysûnder. It publyk wurdearre it tige en der kamen fragen út de seal. Eeuwe hat de tocht yn 16 oeren ôflein (winner Paping hie 10 oeren en 59 minuten nedich).

Hjirnei is it tiid foar sop, trije soarten stampot en in neigesetsje. Wy hawwe tige lekker iten! Pietie hat de meiwurker fan De Bijkershoek in attinsje jûn foar har ynset.

Jan Piet

TIIDKWARTET

De tiid fljocht as it spoar;
wy binne 't spoar faak bjuster;
want hjoed wie juster moarn,
mar moarn is hjoed wer juster.

De tiid giet fierste hurd,
wy hâlde him net by;
mar dochs ha wy sa'n nocht
oan tiidferdriuwerij.

As rint de tiid ek rêd
soms krûpt er; sa docht bliken
oan wa't hjir dei oan dei
oars neat hat te ferstriken.

Wy hawwe neat oan tiid,
de dagen flean' foarby.
Och, jou de tiid gjin skuld
dy't fleane binne wy.

Atze Bosch







It bestjoer fan
SELSKIP MEI INOAR IEN
nûget jimme út foar in

Filmmiddei oer Fryslân

Syds Wiersma fan it Fries Film & Audio Archief (FFAA) nimt ús mei op reis troch de wrâld fan Fryske films en filmfragminten dêr't bysûndere ferhalen achter sitte. Hiel âlde films út de jierren '20 en '30, films út de tiid fan de Dútske besetting en de befrijing yn 1945 en films út it Fryslân fan de jierren '50 oant '90. Meiinoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân yn de 20ste iuw.



Annie van Dijk-Bajema by Frenstjer



Anne Boomsma - Dorus

Datum:	Sneon 15 febrewaris 2025
Lokaasje:	Noorderlichtkerk, Bergweg 92b, Seist
Hoe let:	14.00 oere; ynrin fanôf 13.30 oere
Eintiid:	Om sa'n 16:30 oere hinne
Ynlis:	€ 5,00 ynkl. 1 konsumpsje
Betelje:	Graach kontant betelje mei past jild
Fryske taksy:	Sjoch side 7
Boeken:	Dizze middei ek ferkeap healsliten boeken!



Wat is it FFAA?

It FFAA is it grutste byld- en audioargyf fan Fryslân. It hat in kolleksje fan sawat 30.000 films en audiobannen, dy't yn Fryslân of troch Friezen om utens makke binne. It FFAA hellet geregeld it nijs mei bysûndere fynsten, lykas lêsten mei bylden fan de frou dy't it fierste kaam yn de Alvestêdetocht fan 1963.

Hawwe jo thús sels noch film- en/of audiomateriaal lizzen, nim it gerêst mei.

Dan kin Syds Wiersma besjen oft it mooglik opnommen wurde kin yn de kolleksje fan it FFAA.

Eduard Janse op syn brommer



Wa't no alfêst wat sneupe wol yn it rike FFAA-argyf, sjoch de webside fan it FFAA:
<https://friesfilm-audioarchief.nl>.

Fryske taksy kritermiddei 15 febrewaris 2025

It bestjoer wol it ferfier nei de kritermiddeis graach krekt sa organisearje as de twa lêste kritermiddeis. Dat betsjut dat jo net ophelle wurde. As jo komme wolle en gjin ferfiermooglikheid hawwe, kinne jo gebrûk meitsje fan de *Regiotaxi**. Nei ôfrin fan de gearkomste binne der sjauffeurs beskiber. Sawol bestjoersleden as leden dy't dan oanwêzich binne, kinne minsken thúsbringe.

Dus: hinnereis sels regele, weromreis wurde jo thúsbrocht.

It is dus net nedich om jo yn 't foar op te jaan by Trieneke Vos (030-691 6081). As jo mei de regiotaksey komme en graach thúsbrocht wurde wolle, meie jo dat fansels wol alfêst yn 't foar by Trieneke melde.



***Noch noait mei Regiotaxi reizige? Elkenien kin der gebrûk fan meitsje, ek as jo gjin wmo-ferrierspas hawwe.** Sjoch op www.regiotaxiutrecht.nl of belje mei Regiotaxi Utrecht/Zeist, tel: 088 – 0025 444.



De desimbermiddei (14 desimber 2024)

Dizze middei mei kwisfragen en spultsjes stie yn it ramt fan de feesten en tradysjes yn'e desimbermoanne. Der wienen 19 minsken op ôf kommen. Nei it sjongen fan it Frysk folksliet waarden wy oan it wurk set troch Gerrita. Wy waarden yndield yn seis teams. Alle teams hiene in ferskillende opdracht. As dy klear wie, waard dy opdracht trochjûn oan it folgjende team. Per opdracht wiene punten te fertsjinjen.

De opdrachten wiene/gongen oer: Sinteklaas, bikkelje, desimberlieten, krysttiid, Ald en nij, pûdsjes yn klompen goaie, sprekwurden en sei-siswizen. In moai ferskaat en hjir en dêr moast der al efkes harsenskrabbe wurde. De behelle punten binne per team opteld en sa kaam der in winner út. De seis skoares rûnen fan 47½ oant 66½ punt fan it winnende team. It wie in gesellige middei mei lekkere snobberij fan desimber.

Yn opdracht fan Omrop Max ha meiwurkers fan Omrop Fryslân opnamen makke foar it programma 'Expeditie Nederland'* mei as tema 'kulturele mienskippen'. Oan de ein fan de middei hat Pietie Gerrita mei in lytse attinsje betanke foar har ynset foar dizze middei: "in bealch fol wurk".

Jan Piet



**It is útstjoerd op 27 jannewaris 2025 op NPO2 om 18:35 oere en it wurdt fan'e simmer nochris werhelle op Omrop Fryslân.*







Ferkearsbuorden yn Fryslân wurde twatalich

Ferkearsbuorden lâns provinsjale diken yn Fryslân wurde yn 2026 ferfongen troch twatalige ferkearsbuorden, mei Nederlânsk en Frysk derop. It giet om buorden mei teksten lykas *útrit* of *fytspaad*. It ferfangen fan de ferkears-buorden is ûnderdiel fan ôfspraken oer it Frysk tusken it regear en de provinsje. Deputearre Eke Folkerts (Fryske taal) seit dat ûndersyk dien is en in soad oerlis fierd is mei alle belutsen ynstânsjes, lykas Ryks Wettersteat. "We ha bygelyks ek sjoen nei de situaasje yn Skotlân. Dêr is nei foaren kaam dat it better is om alle buorden yn ien kear te ferfangen", sa seit Folkerts.



foarbyld

De oanpassing is foarearst allinnich foar de provinsjale diken, omdat de provinsje dêroer giet. Mei it ministearje fan Ynfrastruktuer en Wettersteat wurdt wol sjoen nei it pleatsen fan twatalige buorden by oare diken.

Ferkearsdeputearre Matthijs de Vries sei dat noch net foar alle buorden passende Fryske teksten betocht binne. As foarbyld neamt er in boerd mei 'ontsteek uw lichten', dat faak foar tunnels stiet. In Fryske oersetting soe 'doch dyn lampen oan' wêze. Dêr wol De Vries noch wat moaiers foar betinke.

Kommissaris fan de Kening Arno Brok is wiis mei de nije buorden. "It is gjin symboalpolityk. Dit is wichtich om it Frysk sichtberder te meitsjen." De buorden dy't ferfongen wurde, mar noch net fersliten binne, wurde yn oare provinsjes opnij brûkt.


Wy kinne ferkearsdeputearre De Vries wol in pear ideeën oan 'e hân dwaan! Wat moat de Fryske tekst op dizze 10 ferkearsbuorden wurde?

Stjoer jo teksten (ien of mear) nei de skriuwer fia it krite-postadres of in email nei de skriuwer. Sjoch efterside. Foar de bêste of meast orizjinele ynstjoeringen – dy't it bestjoer oan de deputearre trochjaan sil – hat it bestjoer in ferrassing.

TINK EK MEI!



**ritsen
vanaf hier**



**bij belsignaal
brugdek
vrijmaken**



**Betreden van dit
terrein geschiedt
op eigen risico**

WACHT tot het rode licht gedoofd is
er kan nog een trein komen



KONTAKT

Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen

Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (06) 37781632, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid: Gerrita Otten-Onrust, (06) 2519 0166, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken

Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Assistinsje gearkomsten

Nieske Schurer

Bank

NL05 INGB 000 0194 027 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert

Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?

Graach maile nei de skriuwer of
ferstjoere nei it krite-postadres.

Slutingsdatum kopij:

woansdei 20 febrewaris 2025

